

Sjueryrapport Bernard Smilde-priis 2023

It is ús in eare dat wy frege binne as sjuery foar de Bernard Smilde-priis fan 2023.

Waard de priis earder útrikt oan de makker fan in nij Frysk liet, dit jier is de priis ornearre foar *'persoanen en/of organisaasjes dy't him/har der foar ynspand hawwe dat nije, oersetten en besteande Fryske kristlike lieten en/of teksten, heard, songen en/of lêzen wurde.'*

Der binne fiif ynstjoeringen binnenkaam. Dat is miskien net in hiel grut tal, mar de nominaasjes joegen wol in ynspirearjend oersjoch fan minsken, organisaasjes en situaasjes dy't der foar soargje dat der hieltyd wer op 'e nij Fryske kristlike lieten en teksten heard en lêzen, songen en spile wurde. De ynstjoeringen brochten ús op it spoar fan dichters en muzikanten, koaren en diriginten, teksten en sjongbondels, sjongprogramma's en musicals, tsjerken en wurkferbannen, skoallen en teaters, radio en tillefyzje. Se brochten ús ek op it idee fan nije nominaasjes, dy't der no noch net by wienen. We neame bygelyks mar it wurk oan de nije Fryske bibeloersetting, de tsjerketsjinsten fan Omrop Fryslân of de beweging fan Nijkleaster.

Elke nominaasje makke ús bliid. Ja fansels, dy dichter, dy muzikant, dy organisaasje fertsjinnet in priis. Wat in moaie dingen binne der yn 'e rin fan de jierren ta stân kommen. Mar der wie ien nominearre dy't neffens ús no it bêste foldocht oan de kritearia fan de Bernard Smilde-priis. Dy kandidaat bringt nammentlik én de makkers én de útfierders en de ûntfangers fan Fryske kristlike lieten en teksten op in ynspirearjende manier byinoar. It moaie is dat yn it wurk fan dizze nominearre eins ek it wurk fan alle oare nominearren wol meiklinkt. En mear dan dat. In lange tradysje oan Fryske kristlike teksten en muzyk komt hjir byinoar en fynt yn in trochgeande beweging ek wer nije foamen en makkers, útfierders en ûntfangers.

It wurdt tiid dat wy no de namme fan de winner bekend meitsje. De sjuery kiest as kandidaat foar de Bernard Smilde-priis fan 2023 foar it Kwartettekoar.

Wa en wat is it Kwartettekoar? Op harren eigen webside stiet te lêzen: 'Yn de kranten ferskynde yn maart 2006 in artikeltsje fan Hindrik van der Meer, dêr't hy in oprop yn die foar de oprjochting fan wat hy neamde in 'Kwartettekoar'. It doel wie - en is noch altyd it sjongen en fersprieden fan hjoeddeiske nije Fryske lieten yn de Fryske tsjerken. Yn de rin fan 2018-2020 hat Hindrik van der Meer ôfskie nommen fan it koar en it dirigearstokje oerdrûgen oan Feike van Tuinen. Mei him studearje wy ús nijste kantate, 'Ien minske makket it ferskil', yn. Dit stik is skreaun troch Eppie Dam en de muzyk is fan Jan de Jong.'

De sjuery is fan oardiel dat it Kwartettekoar fan de nominearren it bêste oan de kritearia fan de Bernard Smilde-priis foldocht:

- De organisaasje hat as útdruklik doel om nije Fryske lieten en teksten te sjongen yn tsjerke en dêr bûten. Oan dat doel wurdt yn de praktyk mei entûsjasme wurke.
- De organisaasje biedt en ferspriedt in breed repertoire mei û.o. de bondel

Hertslach, it Fryske lieteboek fan de tsjerken, de Fryske Taizé-bondel en ferskate kompleet útwurke liturgyën. Dêr binne tal fan tekstdichters, oersetters, komponisten en muzikanten mei anneks, dy't allegearre ús grutte wurdearring fertsjinje.

- De organisaasje ferbynt troch syn manier fan wurkjen as gjin oar de makkers, útfierders en ûntfangers fan lieten en teksten. De ûntfangers wurde aktyf útnûge om mei te sjongen en it materiaal sels te brûken.

- It slagget de organisaasje om nei it tiidrek fan Hindrik van der Meer mei nije minsken en nij repertoire in trochgeande beweging te meitsjen.

Graach drage wy it Kwartettekoar foar foar de Bernard Smilde-priis fan 2023 en freegje oan it bestjoer fan Krúspunt om dy út te rikken.

Noch ien opmerking ta beslút. Geandewei kaam de sjuery safolle persoanen en organisaasjes op it spoar, dy't mooglik yn oanmerking komme foar de Bernard Smilde-priis. dat wy it net iens sa raar fine soenen as it bestjoer fan Krúspunt de priis elk jier útskriuwe soe ynstee fan om 'e twa jier.

Mei dy priisútrikking in oantrún wêze foar minsken en organisaasjes om harren mei entûsjasme yn te setten foar it brûken fan Fryske lieten en teksten yn en om 'e tsjerken hinne.

De sjuery fan de Bernard Smilde-priis 2023,
Peter van der Weide, Grytsje Kingma, Tytsje Hibma

